

Tekst 1

Efterstâns situaasje yn Fryslân

Understeande tekst is in bydrage oan de diskusje oer mooglike oarsaken fan de ekonomyske efterstân fan Fryslân.

(1) Verhaar en Westering binne wittenskiplike ûndersikers. Jo meie der dus fan útgean dat sy net samar wat mei losse praatsjes omstruie. Ien fan de eigenskippen fan de wetenskap is dat dy in wetmjittichheid beskriuwt yn de werklikheid, dy't ek op oare situaasjes tapast wurde kin. Stoffen ferwaarmje betsjut dat dy útsette. Dy wetmjittichheid past yn alle situaasjes. Verhaar en Westering dogge it foarkommen dat se ek sa'n ferklearring fûn ha foar efterstannen dy't sy miene op te merken yn Fryslân. Neffens har leit it oan it aard, de wearden en noarmen fan de ynwenners fan Fryslân dat sy minder fertsjinje, in legere oplieding ha en faker wurkleas binne as de Nederlander *trochinoar*. Eins is it harren eigen skuld: dan hienen se mar wat mear kriich, wat mear ambysje toane moatten. De hichte fan it ynkommen en de graad fan wurkleazens keppelje sy oan it folksaad as de feroarsaker fan it probleem.

(2) Fryslân stiet yn it rapport *Kinderen in tel* nei Súd-Hollân, Flevolân en Grinslân op it fjirde plak op de list fan efterstâns situaasjes. Fraach is dan fansels wat der mei dy oare trije provinsjes te rêden is. Ha dy ek lêst fan it Fryskeigene of leit it dêr bygelyks oan it 'Flevo-eigene'? Lizze dêr de ambysjes dan noch leger en leit dat ek oan har folksaad? Kinne jo by de ynwenners fan Flevolân dy't dêr noch mar krekt wenje, al prate oer in ynslipe folksaad?

(3) As wy Verhaar-en-dy fierder folgje en wy geane troch op dy wurkleazens, dan docht him noch wat frjemds foar.

Yn datselde rapport *Kinderen in tel* dêr't sy har op beroppe, blykt de wurkleazens ûnder jongeren yn Drinte noch heger te wêzen en yn Grinslân wie dy in jier lyn folle heger as yn Fryslân. Is dan de ambysje by de Grinzers safolle heger wurden? Dat wie omers de ferklearring dy't de beide "ûndersikers" foar wier ferkundigje. It probleem is hjir it kausale ferbân tusken twa ferskynsels: efterbliuwe/wurkleas/lege oplieding én it 'Fryskeigene', wêrby't dat 'Fryskeigene' de feroarsaker is fan it efterbliuwen. Dus 'ferminderje it Fryskeigene en de wurkleazens nimt ôf', soe dan de redenaasje wêze.

(4) Verhaar-en-dy miene sjoen te hawwen dat de ynwenners fan Fryslân deroan wend binne dat se wurkleas binne. Sy fine dat 'normaal' neffens de betinkers. Jo wurde dan fansels nijsgjirrich nei wat dat mei it Frysk folksaad te krijen hat. Mar dan komme jo by Verhaar en Westering net folle fierder. In definysje fan folksaad of fan dat 'Fryskeigene' ûntbrekt. Wol komt der dan in hiel ferhaal oer fernielings troch de jongerein yn de Wâlden. In ferskynsel dat al in lange skiednis hat neffens de skriuwers, omdat ek de histoarikus Spahr van der Hoek dêr al oer skreaun hat. Dêrmei wolle se oantoeane dat der in wearde- en noarmpatroan efter sit dat fan de iene op de oare generaasje trochjûn wurdt. Ymplisyt wurdt dêrmei ek it 'Fryskeigene' definiearre: in soarte fan twadde natuer fan de Friezen om jo net te bot yn te spannen. It ferbân mei wurkleazens en ynkommen wurdt hjir net dúdlik makke of jo soenen de

konklúzje lûke moatte dat minsken mei
 in leech ynkommen, in legere oplieding
 85 en wurkleazens mear fandalisme
 fertoane. Mar wat soks mei it ‘Frysk-
 eigene’ út te stean hat, bliuwt likegoed
 diznich.
(5) Wat eins nearne dúdlik útsprutsen
 90 wurdt, mar dat jo hast wol opmeitsje
 moatte út it ferhaal fan Verhaar-en-dy
 is dat yn it ‘Fryskeigene’ wat sit dat by
 it folksaard heart en dat soarget dat de
 Friezen – likefolle wa’t dat binne – nea
 95 foarút komme sille. Der wurde oan de
 ynwenners fan Fryslân eigenskippen
 takend dy’t har behinderje om foar
 harsels op te kommen en te soargjen
 dat sy ek opstjitte yn ‘de vaart der
 100 volkeren’. De ûndersikers wolle jo
 leauwe litte dat in ‘folk’ sokssawat as in
 folkssiel besit, alle leden diele dat mei
 inoar.
(6) Dat is net nij. Wa’t op Google
 105 ‘folksaard’ of ‘volksaard’ sykje lit, kin
 him de rest fan it jier wol fermeitsje.
 Benammen sûnt de romantyk is der hiel
 wat byelkoar skreaun oer dat kon-
 struearre fenomeen. Hiel faak wie de
 110 beskriuwing fan it folksaard in lofsang
 op de eale kwaliteiten fan it eigen folk
 of in fernederjende beskriuwing fan de
 ‘frjemden’. Wat rjochtser wat skerper,
 mar links koe der ek wat fan. Yn Fryslân
 115 ha wy dêr ek wakker oan meidien.
 It Frysk Genoatskip hat syn ûntstean yn
 de 19de ieu dêr foar in grut part oan te
 tankjen. Hjoed de dei âlje wy it noch út
 foardat der in wedstryd yn it Abe
 120 Lenstrastadion begjint. Jo sille se de
 kost mar jaan moatte dy’t jo tige krekt
 útlizze kinne wat it karakter fan dé
 Fries, dé Hollanner of dé Turk is. Hiel
 faak sit dêrefter dat de oare minder is
 125 as wysels en dat dy oare eins it rjocht
 net hat om te wêzen sa’t dy is. As it in
 frjemd is, litte wy sa’nien ynboargerje.
 Want salang’t dy net wurden is sa’t wy
 binne, telt er net mei en is it noch net in
 130 folslein minske. Maarten van Rossum
 brocht dat sa ûnder wurden: “De

inburgeringscursus van Verdonk is
 alleen samengesteld uit zogenaamd
 ‘bruikbaar verleden’, waarin we de
 135 allochtonen vertellen hoe fijn het wel
 niet was vóórdat zij kwamen. Hoe hard
 we gewerkt hebben, hoe dapper we de
 wereldzeeën hebben bevaren. Als klap
 op de vuurpijl peperen we ze de joods-
 christelijke traditie in en doceren we ze
 140 over de instituties van Thorbecke.”
 It giet út fan de superioriteit fan it
 eigene. Sa ûntstiet dan ek it mystike
 begryp ‘Fryskeigene’, meastal keppele
 145 oan frijheid. Elk ken de kwalifikaasjes
 wol: de Fries is stiif, koppich, mar ek
 betrouber en behelpsum. Krekt as
 soenen alle ynwenners Fryslân itselde
 wêze en as soe der nea wat feroarje
 150 troch de jierren hinne.
(7) Generalisaasjes en stereotypear-
 ringen dogge de rest: de neger is lui en
 dy ‘kut-Marokkanen’ wolle net doge.
 Dy’t in bytsje neitinkt, wit wol dat fan
 155 sa’n byld neat doocht. Yn it foarste plak
 witte wy wol dat net alle minsken it-
 selde binne en wa’t mei it ‘de-etiketsje’
 wurket, docht grutte groepen tekoart.
 Boppedat komme der minsken fan
 160 bûten yn en geane oaren de provinsje
 út. Tred feroaret der mei de tiid in hiele
 protte: tink mar oan it fytsen op snein
 dat yn dy tiid fan de grifformearden net
 mocht. Ik wol net sizze, dat yn
 165 bepaalde streken net in stel gewoanten
 libje dy’t op de jongere generaasjes
 oerdroegen wurde, mar it begryp
 ‘folksaard’ tsjut meastal op in statyske
 situaasje, as soe der nea wat feroarje
 170 en as soe it foar elkenien itselde wêze.
(8) Sok tinken skûlet ek efter de
 miening fan Verhaar-en-dy: as sy it oer
 it “loskomen van het patroon van de
 reproductie van achterstand” fan de
 175 Friezen ha, geane se fan dat statyske
 begryp folksaard út. De fraach kin steld
 wurde oft eins wol praat wurde kin fan
 in Frysk folksaard. De skiednis hat
 leard dat it oant no ta net slagge is om
 180 dat saneamd folksaard of dat ‘Frysk-

eigene' adekwaat te beskriuwen. Deselden dy't it besocht ha, kamen meastal net fierder as in konstruearre eigenheid. Gelokkich is de minskheid te
185 ferskillend om dy ûnder ien huodsje te beflappen. Wat moatte jo dan oan mei lju dy't hjir nij ynkommen binne: passe dy har oan en nimme dy 'it Frysk-eigene' ek oan of moatte jo dy derbûten

190 hâlde en foar hoefolle generaasjes jildt soks dan?
(9) Myn konklúzje is dat jo mei it 'Frysk-eigene' as ferklearring foar in tal ekonomyske omstannichheden der net
195 komme. It plakt ûnnedich etiketsjes en helpt ek net om it symptoom oan te pakken, as dat al oanpakt wurde moat.

Nei: Jaap van der Bij yn De Moanne nr. 5, juny 2007

Tekst 2

Aristoteles en (Fryske) identiteit

(1) It wurd 'identiteit' komt út it Latyn wei, mar it is in oersetting fan in Gryksk wurd dat wy by Aristoteles it earste tsjinkomme. It is syn karriêre begûn as
5 filosofysk-teologyske term en betsjut letterlik 'it itselde-wêzen'. Aristoteles behannelet it ferskynsel dat leden fan deselde húshâlding automatysk leafde foar elkoar fiele. Wêrom? Omdat, seit
10 de filosoof, neiste famylje sjocht dat se yn guon dingen itselde binne. Alden sjogge yn de bern in part fan harsels, bern begripe, as se âlder wurde, dat se út heit en mem wei komme, broers en
15 susters beseffe dat se deselde âlden hawwe. "Harren itselde-wêzen yn dat stik makket harren foar elkoar itselde", skriuwt Aristoteles en dêrmei begjint yn syn optyk de leafde.

(2) It wurd 'identiteit' slacht dus fanâlds op in eigenskip fan twa of mear
20 persoanen: de eigenskip fan it itselde-wêzen. Dy betsjutting hat it noch altyd as men op Skiphol foar it glêzen hokje stiet mei jins identiteitsbewiis. Tagelyk
25 stiet foar de amtner in persoan dy't it lân yn wol. It is de man syn taak om fêst te stellen dat de persoan dêr't de boargemaster fan Wûnseradiel it yn ien
30 fan syn paspoarten oer hat en de persoan dy't foar him stiet, deselden

binne.

(3) By identiteit wurdt lykwols langer foaral tocht oan it hearren by in be-
35 skate groep of it dragen fan in wichtich skaaimerke. Stel, men stiet op Skiphol foar dyselde man mei de pet en it hinget fan jins reisdokumint ôf oft men fierder mei of net, de feilichheid yn of
40 werom nei oarloch en geweld. Dan wurdt de ynhâld fan dat dokumint fan libbensbelang. De autoriteiten oan de poarte kontrolearje oft jo wol ta in groep hearre dy't it rjocht hat om it lân
45 yn. It giet der net om oft der identiteit is, mar oft de goeie identiteit der is. It identiteitsbewiis bewiist net mear wa't jo binne, mar wat jo binne: Nederlan-
50 ner, Europeaan of fierder fan hûs. En hawwe jo gjin identiteitsbewiis, dan binne jo neat.

(4) Ofhinklik fan de situaasje fersteane minsken dus ûnder identiteit in skaai-
55 merk, in eask dêr't foar har gefoel perfoarst oan foldien wurde moat of dat op in oare manier tige wichtich is. Se hawwe it oer 'myn' of 'ús' identiteit, krekt oft it each fan him ôf sjocht of just net. By elke groep heart dan in beskate
60 identiteit: de Nederlânske identiteit, mar ek de Ajax-identiteit, de kristlike identiteit en yn dit bestek útsoarte de

Fryske. Dy betsjuttingsferskowing is fansels âlder as Skiphol: oeral dêr't minsken it wichtich fine dat se op de ien of de oare wize itselde binne as in oar of wat oars (in dokumint, in groepskoade, in kleur eagen, in oertsjûging, in taal, in aksint) is it ferliedlik om it aspekt fan identiteit te beneamen as de identiteit sels, en ûntstiet 'myn' of 'ús' identiteit.

(5) In grutte fraach yn diskusjes oer sokke groepsidentiteiten is altiten oft se überhaupt wol besteane of net. Eins is dy fraach de muoite net wurdich. As de groep bestiet, is der ek in mienskiplike eigenskip, oars is it gjin groep. It moaie is, dat sa'n mienskiplik skaaimerke faak net iens sa hiele dreech te finen is, en yn 'e regel ridlik objektyf útfalt. Wat binne Nederlanners? Minsken dy't in bân hawwe mei Nederlân, itsij troch komôf of troch wenplak. It klinkt dizich, mar dat is it net. Praat ris mei in Flaming of in útlânske studint dy't hjir in kolleezjejier tahâldt. Jo hawwe in hiel oar lânskip yn de holle, geane oars mei plysjes om, hawwe in oar idee fan prizen en kwaliteit – allegear dingen dêr't dat iene mienskiplike aspekt him yn uteret.

(6) Der binne al twa falkûlen by it praten oer de identiteit fan in groep. De iene is dat minsken it mienskiplik skaaimerke fan in groep formalisearje. De Nederlânske identiteit wurdt dan bygelyks lykslein mei it hawwen fan in Nederlânske pas. Taalevolusjonêr besjoen is dat te ferklearjen út de earste betsjutting wei: it 'itselde-wêzen', dat op de ien of de oare wize oantoand of bewiisd wurde kinne moat. It bewiis wurdt dêrby wichtiger as de saak sels: it 'itselde-wêzen' moat sichtber en taastber wêze, en sa wurdt op in dokumint of oare formele eigenskip projektarre wat yn 'e drager sels sit. Evolusjonêr yndied te ferklearjen, mar dochs in net bot libbensfetbere foarm fan regresje: men ferruilet sa ommers

in ynwindich bonkerak dat stevige beweechlikheid mooglik makket foar in útwindige skulp om yn te skûljen en net mear fan 't stee te hoegen.

(7) De twadde falkûle is dat men mei ien eigenskip net tefreden is. In minske moat net allinnich Nederlânsk prate, mar ek foar it nasjonaal alvetal wêze, de teksten fan Jan Smit meisjonge kinne en it keningshûs in waarm hert tadrage. Simpele logika soe genôch wêze moatte om mei soks ôf te woven: by ien groep heart ien eigenskip, en yntrodusearje jo mear eigenskippen, dan giet it ek oer mear groepen. Mar spitigernôch is net elkenien famylje fan Aristoteles.

(8) De fraach nei in Fryske identiteit is dus ienfâldich te beäntwurdzjen: dy bestiet. De eigenskip dy't dêrby heart, is ek net dreech te finen: kennis fan de Fryske taal. Polityk faaks frijwat ynkorrekt, mar ik soe net witte hokker skaaimerke oft ik oars betinke moat. It is it punt dêr't Friezen yn in grutter fermidden oan identifisearre wurde, troch harsels likegoed as troch oaren. It is ek net nuver dat it punt fan dy taal minsken ta in groep bûn hat, en bygelyks net dy fan it lânskip of komôf. Ien Frysk lânskip is der net, en it wjen yn Fryslân allinnich jout kwealik wat spesjaals op himsels. Mar elk dy't hjir wennet, rint wol tsjin it Frysk oan, en elk dy't hjirwei komt, ferstiet dy taal.

(9) Noch op in oare manier is it net sa'n toer om dy stelling oannimlik te meitsjen. Fan de logika bedarje wy dan yn de taalkunde, mar dat is net oars. It liket sa stadichoan in feit te wêzen, dat it tinken fan minsken hûndert persint talich is. Lytse bern leare earst in taal, en yn dy taal begjinne se te tinken. No wit elk dy't twa of mear talen ken, dat it ûnmooglik is om de ynhâld fan in sin yn taal A sûnder betsjuttingsferoaring oer te bringen yn taal B. Dat betsjut dus dat ek de ynhâld fan wat wy tinke, beskaat wurdt troch de taal dêr't wy yn tinke.

Taal is ús finster op de werklikheid, en dat is altyd in konkrete taal. Jo diele mei al dy oare Friezen in beskaat finster op de werklikheid, en dus in beskaat byld fan de werklikheid, om net te sizzen: in beskaat part fan de werklikheid.

(10) As minsken ophâlde soene om Frysk te praten, soene se in part fan har werklikheid oerjaan, dêr net mear oer kommunisearje kinne, en op termyn it sicht derop kwyt reitsje. Freegje mar ris oan Amerikaanske of Kanadeeske

175 Friezen hoe't it is as se hjir wer in skoftke binne en Frysk prate kinne. Net it brûken fan suver ôfwende spierkombinaasjes of healfergetten klanken makket se entûsjast, mar it feit dat in wrâld wer foar har iepengiet dy't oan de oare kant fan de oséaan ôfsletten is.

180 Of besykje mar ris om de fiten en de wille fan in slagge doarpsfeest yn in oare taal, hoe goed as men dy ek yn de macht hat, oan ien út te lizzen. Men hat

185 iderkear it gefoel dat de dingen dêr't it om gong, krekt net oerkomme.

Nei: Liuwe H. Westra yn De Moanne nr 7, septimber 2007